# Bahá'í Prayers  Western Frisian

Western Frisian

50 prayers

## Additional Prayers Revealed by Abdu l Bahá

AB09794CHI

O Jo, suvere God! Ik bin in lyts bern; meitsje de skurte fan Jo jefte ta in leaflik r stplak fan treast, lit my groeie en fied wurde mei de hunnich en de molke fan Jo leafde en bring my grut mei Jo kennis; lit my frij w ze salang't ik in bern bin en jou my ealens! O Jo, b tenwenstige God! Meitsje my de fertrouling fan it Keninkryk fan de Unsjenbere. Wierliken, Jo binne de Machtige en de Kr ftige.

Also in: af, az, az, ca, ca, cs, de, el, el, en, en, en, es, et, fa, fi, fj, fr, ht, hu, hz, id, it, ja, ja, kl, kn, ko, ksd, lv, mg, ml, mn, mt, nl, no, pl, pt, pt, ro, ru, sk, srn, vi

## Aid and Assistance

BH10973

O Jo, waans antlit it doel is fan myn oanbidding, Waans skientme myn hillichdom, Waans wente myn doel, Waans lofspraak myn hope, Waans foarsjennichheid myn selskipsman, Waans leafde de reden fan myn bestean, Waans neamd-wurden myn treast, Waans neite myn langstme, Waans tsjinwurdichheid myn dierberste winsk en heechste stribjen is. Ik smeekje Jo my net te nth lden wat Jo foar de tkarden fan Jo tsjinners ornearre hawwe. Ferlien my dan it goede fan dizze wr ld en fan de neikommende. Jo, wierliken, binne de Kening fan alle minsken. Der is gjin God as Jo, de Jimmer-Ferjaande, de Grutmoedichste.

Also in: af, ar, az, be, bg, bn, bs, ca, ceb, da, de, el, en, eo, fo, fr, gil, gil, gu, hi, hi, ht, hy, id, is, it, ja, ky, lo, lv, mg, mi, ml, ms, mt, ne, ne, nl, no, pl, pt, ru, sk, sl, sr, sv, ta, te, th, tvl, uk, ur, ur, zh-Hant

## Bahá í Reference Library

BH01313NAM

Jo namme is myn gen zing, o myn God, en it Jo te betinken is myn medisyn, Jo nei-oan te w zen is myn hope, en leafde foar Jo is myn selskipsman. Jo genede is myn gen zing en myn stipe yn dizze wr ld en yn de wr ld dy't komme sil. Jo, wierliken, binne de Alfoldedige, de Alwittende, de Alwize.

Also in: af, ar, az, be, bg, bi, bla, bla, bn, bs, ca, ceb, ch, chn, cnr, co, cs, cy, da, dak, de, dgz, dih, diu, en, eo, es, et, eu, fa, fi, fj, fo, fo, fr, ha, haw, hi, hr, ht, hu, hu, hur, hur, hy, hz, hz, iba, id, ik, is, it, ja, kgf, kl, kn, ko, ksd, ky, lb, lg, lkt, lo, lt, lv, med, meu, mg, mi, ml, mn, moh, moh, mr, ms, mt, nal, naq, naq, ne, nl, no, nv, nv, ny, pl, pt, ro, ru, sk, sl, sq, sr, srn, srn, srn, st, sv, sw, ta, ta, te, th, th, th, th, th, th, th, tk, tl, uk, ur, zh-Hans, zh-Hant

## Children

AB09794CHI

O Jo, suvere God! Ik bin in lyts bern; meitsje de skurte fan Jo jefte ta in leaflik r stplak fan treast, lit my groeie en fied wurde mei de hunnich en de molke fan Jo leafde en bring my grut mei Jo kennis; lit my frij w ze salang't ik in bern bin en jou my ealens! O

Jo, b  tenwenstige God! Meitsje my de fertrouling fan it Keninkryk fan de Unsjenbere. Wierliken, Jo binne de Machtige en de Kr  ftige.

Also in: af, az, az, ca, ca, cs, de, el, el, en, en, en, es, et, fa, fi, fj, fr, ht, hu, hz, id, it, ja, ja, kl, kn, ko, ksd, lv, mg, ml, mn, mt, nl, no, pl, pt, pt, ro, ru, sk, srn, vi

---

AB04427GUI

O God! Lied my en hoedzje my; ferljochtsje de lampe fan myn hert en meitsje my ta in strieljende stjer. Jo binne de Machtige en de Kr  ftige.

Also in: af, az, be, bg, bi, bn, bn, bs, ca, ch, cnr, co, cy, da, de, dgz, diu, el, en, es, et, eu, fi, fj, fo, fr, hai, haw, hi, hr, ht, hu, hur, hur, hy, hz, iba, id, ik, is, it, ja, kl, kn, ko, ky, lkt, lkt, lkt, lkt, lkt, lkt, lkt, lo, lv, mi, ml, mn, mr, ms, mt, ne, nl, no, ny, pap, pl, pt, ro, ru, shs, shs, shs, shs, sk, sl, sm, sq, sr, srn, sv, sw, ta, te, tl, tpi, tsm, tsm, tsm, ur, vi, zh-Hans, zh-Hant, zh-Hant

---

## Departed

AB11094

O myn God! O Jo, Ferjouwer fan s  nden! Skinker fan jeften! Ferdriuwer fan smerten! Wierliken, ik smeekje Jo de s  nden te ferjaan fan harren dy't it stoflik klaad   flein hawwe en nei de geastlike wr  ld opstiigd binne. O myn Hear! Suverje harren fan oertr  dings, ferdriuw harren fertriet en feroarje harren tsjusterens yn ljocht. Lit harren de t  n fan lok yngean, reinigje harren mei it suverste wetter en stean harren ta, Jo swidens op de ferhevenste berch te oansk  gjen.

Also in: af, az, bg, bi, bn, bs, ca, ch, cy, da, de, diu, diu, el, en, eo, es, et, eu, fi, fr, gil, hr, hu, hz, id, ik, is, it, ja, kgf, kj, kl, kn, ko, ky, lg, lg, lv, mg, mh, ml, mr, mt, naq, naq, ne, nl, no, pl, pt, ro, se, sk, sl, sq, srn, st, sv, ta, te, tet, tl, ur

---

## Evening

BH00009SER

O myn God, myn Master. Doel fan myn langstme! Dizze Jo tsjinner besiket te sliepen yn de beskutting fan Jo genede en te r  sten   nder it baldakyn fan Jo geunst, smeekjende om Jo soarch en Jo beskerming. Ik smeekje Jo, o myn Hear, by Jo each dat net sliept, myn eagen te hoedzjen om eat oars te sjen   tsein Jo. Sterkje dan harren sjen, dat hja Jo tekens waarnimme en de hoarizon fan Jo iepenbiering oansk  gje meie. Jo binne Dejinge, foar de iepenbieringen fan Waans almacht de kearn fan macht beve hat. Der is gjin God as Jo, de Almachtige, de Albehearsker, de Unbetinge.

Also in: af, az, be, bg, bi, bn, ca, ch, cnr, cy, da, de, diu, el, en, eo, es, et, fi, fr, haw, hr, ht, hu, is, it, kj, kl, kn, ky, lt, lv, med, mg, mn, naq, naq, nl, no, pl, pt, ro, se, sk, sq, sv, ta, tl, tpi, tvl, ur

---

## Firmness in the Covenant

AB02342AWA

O Jo , barmhertich God! Skink my in hert dat allyk in spegel strielet mei it ljocht fan Jo leafde en besielje my mei gedachten dy't troch Jo foldiedigens de wr  ld feroarje litte yn in roazeh  f. Jo binne de Barmhertige, de Genedige, de Alfoldiedege.

Also in: af, ar, az, bg, bn, ca, da, el, en, eo, es, fa, fi, fr, ht, is, it, lg, lv, mg, mh, nl, no, pl, pt, ro, ru, sk, sq, sv, tl, zh-Hans, zh-Hant

## Gatherings

BH00074BLE

Hy is God! Oansk  gje   s, o Hear, gearkommen om dizze tafel, tankber foar Jo goederjouskens,   s each rjochte op Jo keninkryk. O God! Stjoer   s Jo himelsk iten en Jo seine. Wierliken, Jo binne de Woldiedige, de Barmhertige.

Also in: be, bla, bla, bs, ca, chr, co, cy, de, dgz, en, et, fa, fr, ga, gil, gil, gwi, gwi, gwi, haw, ht, hu, hur, hur, hur, hur, iba, ik, is, kgf, kiw, kl, km, ksd, lg, lkt, lkt, lt, lut, med, meu, ml, moh, moh, ms, nv, nv, ny, oj, oj, oj, oj, one, pap, ro, se, shh, slh, slh, slh, sm, sq, srn, tet, tk, ttm

## Healing

BH04990

O myn God! Dit is Jins tsjinneres en de dochter fan Jins tsjinneres, dy't yn Jo en yn Jins tekens leauwt en dy't har antlit nei Jo takeard hat, folslein frij fan alles b  ten Jo. Jo binne wierliken fan al dyjingen dy't erbarming toane de barmhertichste. Doch mei har, o Jo Dy't de s  nden fan de minsken ferjout en Dy't harren lekken en brekken net acht slacht, nei't it de himel fan Jins lankmoedigens en de oseaan fan Jins genede past. Nim har op yn it ryk fan Jins genede, dy't alles te boppe giet en dy't al foar de skepping fan himel en ierde bestie. Der is gjin God as Jo, de Jimmeroan-Ferjaande, de Grutmoedichste.

Alláh'u'Abhá. Wierliken, wy allegearre bidde God oan. (19 x) Alláh'u'Abhá. Wierliken, wy allegearre b  ge   s foar God. (19 x) Alláh'u'Abhá. Wierliken, wy allegearre hawwe   s oan God wijd. (19 x) Alláh'u'Abhá. Wierliken, wy allegearre loovje God. (19 x) Alláh'u'Abhá. Wierliken, wy allegearre tankje God. (19 x) Alláh'u'Abhá. Wierliken, wy allegearre binne geduldich yn God. (19 x)

Also in: af, ar, bg, ca, el, en, es, et, fa, fr, gu, ht, ht, hu, id, ik, it, it, ky, mg, ml, mt, nl, no, no, pl, pt, ro, ro, se, sq, sv, tet, tk, tvl, uk

## Humanity

ABU0137ALL

O Jo, leafderyk Hear! Jo hawwe it hiele minskdom   t deselde stam skepen. Jo hawwe foarbeskikt dat wy allegearre ta deselde famylje hearre. Foar Jo hillich Antlit binne allegearre Jo tsjinners en it hiele minskdom wurdt fan Jo Tabernakel beskerme. Wy allegearre binne gearkommen om Jo Tafel fan Oerfloed en wurde ferljochte troch it ljocht fan Jo foarsjennichheid. O God! Jo binne freonlik foar   s allegearre, Jo soargje foar   s allegearre, Jo beskermje   s allegearre, Jo skinke libben oan   s allegearre. Jo hawwe   s allegearre mei talinten en mooglikheden bejeftige; wy allegearre binne

dompele yn de oseaan fan Jo genede. O Jo leafderyk Hear! Ferienigje alle minsken. Lit de godstsjinsten ienriedich w  ze. Meitsje de folken ien, dat hja elkoar sjen meie as ien famylje en de hiele ierde as ien heitel  n. Meie hja yn ienheid en iendracht mei elkoar omgean. O God! Heevje heech it findel fan de ienheid fan it minskdom. O God! Stiftsje de Aldergrutste Frede. Smei de herten oan inoar, o God! O Jo leafderyk Heit, God! Ferbliidzje   s hert mei de swietrook fan Jo leafde. Ferhelderje de eagen mei it ljocht fan Jo lieding. Streakje de earen mei de meldije fan Jo wurd en beskut   s allegearre yn de f  sting fan Jo foarsoarch. Jo binne de Machtige en de Kr  ftige! Jo binne de Ferjouwende en Jo binne Dyjinge dy't it tekoartkommen fan it minskdom net telt.

Also in: af, az, be, bg, bi, ca, cy, da, de, el, en, eo, es, et, eu, fi, fj, fr, hi, hr, ht, hu, hy, iba, is, it, ja, ja, kl, kn, ko, ko, ky, lb, lo, lv, mg, ml, ne, nl, pl, pt, ro, ru, sk, sm, sq, sr, sv, ta, tet, th, tk, tl, tpi, uk, ur, zh-Hant

## Marriage

AB07158

Gloarje is oan Jo, o myn God! Wierliken, dizze Jo tsjinstfeint en dizze Jo tsjinstfaam binne   nder it skaad fan Jo barmhertigens gearkommen en binne ferb  n troch Jo geunst en edelmoedigens. 0 Hear! Stean harren by yn dizze Jo wr  ld en Jo keninkryk en bestim foar harren al it goede troch Jo rynskens en genede. O Hear! Fersterkje harren yt harren tsjinstberens en help harren Jo te tsjinjen. Stean harren ta de tekens te wurden fan Jo Namme yn Jo wr  ld en beskermje harren troch Jo woldieden, dy't s  nder ein binne yn dizze wr  ld en de wr  ld dy't komme sil. O Hear! Hja freegje help oan it keninkryk fan Jo barmhertigens, en roppe it ryk fan Jo ienichst-w  zen oan. Wierliken, hja binne troud yn hearrigens oan Jo gebod. Lit harren de tekens wurde fan harmony en ienheid oant de ein fan de tiid. Wierliken, Jo binne de Almogende, de Alomtsjintwurdige, de Almachtige.

Also in: bs, ca, ch, de, el, en, eo, es, et, fo, fr, gil, gil, ha, ha, hi, hr, hu, hy, iba, iba, id, is, it, kgf, ksd, ky, ky, lb, lv, med, med, mh, ml, mn, mn, mr, ms, ms, naq, ne, ne, nl, no, pl, pt, ro, sk, sk, sm, sne, sne, sq, sv, sw, ta, tet, tl, tpi, tvl, uk, vi, zh-Hant

## Morning

BH00009SHE

Ik bin   nder Jo beskutting wekker wurden,o myn God, en it past him dy't dy beskutting siket te ferkearen yn it Hillichdom fan Jo beskerming en yn de F  sting fan Jo ferdigening. Ferljochtsje myn ynderlik w  zen, o myn Hear, mei de pracht fan de Dage fan Jo iepenbiering, lykas Jo myn uterlik w  zen ferljochte hawwe mei it moarntiidsljocht fan Jo geunst.

Also in: af, ar, az, be, bg, bi, bn, bs, ca, ch, cnr, cy, da, de, diu, el, en, eo, es, et, fi, fr, gil, gil, hr, ht, hu, hz, id, ik, is, kj, kl, kl, kn, ky, lb, lg, mg, ml, mt, naq, ne, nl, no, ny, pl, pt, ro, ru, se, sk, sne, sne, sq, srn, st, sv, sw, tl, tpi, tvl, vi

BH00009AWA

Ik priizgje Jo, o myn God, dat Jo my  t 'e sliep wekker makke hawwe en my  t myn fuort-w  zen oproppen hawwe en my  t myn slomme ferrize litten hawwe. Ik bin dizze moarn wekker wurden mei myn antlit heve nei de pracht fan de Dei-Stjer fan Jo iepenbiering d  r't de himelen fan Jo macht en Jo majesteit troch ferljochte wurden binne; ik erken Jo tekens, leau yn Jo Boek en h  ld f  st oan Jo koarde. Ik smeekje Jo, by de macht fan Jo wil en de twingende kr  ft fan Jo doel, om itjinge Jo my yn myn sliep iepenbiere hawwe ta de f  ste gr  nslach te meitsjen foar de wenten fan Jo leafde, dy't yn de herten fan Jo leafsten binne en ta it b  ste middel om de tekens fan Jo genede en Jo leafderykheid te iepenbierjen. Ornearje foar my troch Jo meast ferheven Pinne, o myn Hear, it goede fan dizze wr  ld en fan de folgjende. Ik tsj  gje dat yn Jo greep de leien binne fan alle dingen. Jo feroarje dy nei Jo gefalligens. Gjin God is der  tsein Jo, de Sterke, de Trouwe. Jo binne Dejinge, dy't troch Syn gebod fernedering feroaret yn hearlikens en swakte yn kr  ft, machteleazens yn macht, freze yn r  st en twifel yn wissichheid. Gjin God is der as Jo, de Machtige, de Woldiedige. Jo stelle nimmen teloar dy't Jo siket, noch h  lde Jo immen fan Jo  f dy't nei Jo ferlanget. Ornearje Jo foar my itjinge de himel fan Jo edelmoedigens en de oseaan fan Jo goederjouskens past. Jo binne, wierliken, de Almachtige, de Almogende.

Also in: af, az, az, bg, ca, da, el, en, es, fa, fr, gil, gil, hi, ht, hy, hy, hz, hz, is, it, lv, mg, mi, ml, ne, nl, pl, pt, ro, ru, sne, sne, tl, tvl, uk, vi

---

## Naw-R  z

BH03908

Naw-Ruz

*(Naw-R  z, 21 maart, de earste dei fan it Bahá'í jier, is in dei fan freugde)

Priizge binne Jo, o myn God, dat Jo Naw-R  z ynsteld hawwe as in feestdei foar harren dy't de f  ste neikommen binne  t leafde foar Jo en harren  nth  lden hawwe fan al wat Jo wearzget. Stean ta, o myn Hear, dat it fjoer fan Jo leafde en de gloede, feroarsake troch de fan Jo opleine f  ste, harren foar Jo Saak  ntflamje litte mei en lit harren dwaande w  ze Jo te earjen en te betinken. Om't Jo harren toaid hawwe, o myn Hear, mei it sieraad fan de fan Jo foarskreaune f  ste, toai harren allyksa mei it sieraad fan Jo oanfurdiging troch Jo genede en goederjouske geunst. Want it dwaan en litten fan de minsken is hielendal  fhinklik fan Jo wolbehagen en is troch Jo gebod bepaald. Bywannear't Jo him dy't de f  ste brutsen hat besk  gje as ien dy't him h  lden hat, sil dizze minske rekkene wurde ta harren dy't yn alle ivichheid de f  ste h  lden hawwe. En bywannear't Jo befelje, dat hy dy't de f  ste h  lden hat him brutsen hat, sil dy minske rekkene wurde ta harren dy't oarsaak west hawwe fan it mei t  ch besmoargjen fan it Kleed fan Jo iepenbiering en dy't fier ferwidere binne fan de kristalkleare wetters fan dizze libbene Boarne. Jo binne Dejinge troch wa't it findel: "Pryslik binne Jo yn Jo wurken" heve is en de standert: "Opfolge wurde Jo yn Jo gebod"

ntr le is. Meitsje Jo steat bekend, o myn God, oan Jo tsjinners, dat hja gewaar wurde meie dat de treflikheid fan alle dingen fhinklik is fan Jo gebod en Jo wurd, en it nut fan elke hanneling fhinklik is fan Jo ferlof en it wolbehagen fan Jo wil, en dat hja erkenne meie dat de leien fan de hannelingen fan de minsken yn de greep lizze fan Jo goedkarring en Jo gebod. Meitsje dit bekend oan harren, dat perfoarst neat harren tslute sil fan Jo Skientme, yn dizze dagen dér't Christus yn tropt: "Alle hearskippij is oan Jo, o Jo de Oansetter fan de Geast*", en Jo Freon** tropt: "Gloarje is oan Jo, o Jo de Leafste, want Jo hawwe Jo Skientme oan't ljocht brocht en Jo hawwe foar Jo tkarden delskreaun wat harren yn steat stelle sil de sit te berikken fan de iepenbiering fan Jo Grutste Namme, d r't alle minsken troch lamentearren, behalve hja dy't harren nthecht hawwe fan alles tsein Jo en harren keard hawwe ta Him dy't de Iepenbierder is fan Josels en de Manifestaasje fan Jo eigenskippen". Hy dy't Jo T ke is, en allegearre dy't mei Jo binne, o myn Hear, hawwe op dizze dei in ein, makke oan harren f ste, nei't hja it neikommnen binne, binnen de grinzen fan Jo h f en yn ynlikst ferlangst om Jo te haagjen. Bestimme Jo foar him, en foar harren, en foar allegearre dy't yn dizze dagen Jo oanw zigens berikt hawwe al it goede dat Jo yn Jo boek beskikt hawwe. Jou harren dan, wat harren te'n goede komme sil sawol yn dit libben as yn it libben hjirnei. Jo, yn wierheid, binne de Alwittende, de Alwize.

Jezus

** Mohammed

Also in: am, ar, az, bg, bs, ca, da, de, el, en, eo, es, fi, fr, ht, id, is, kgf, kn, lv, mg, ml, ne, nl, no, pl, pt, ro, ru, sk, sne, sq, ta, tl, tpi, vi

---

## Ridván

BH02198

Tafel Fan Ahmad

"Dizze deistige ferplichte gebedens mei inkelde spesjale, lykas it Gen zingsgebed en de Tafel van Ahmad hat Bahá'u'lláh in bys ndere kr ft en betsjutting j n en dy moatte d rom sa oannommen wurde. De leauwenden moatte dy gebedens sizze mei folslein leauwe en betrouwen, dat hja hjirtroch komme meie ta in neiere omgong mei God en harren hieltyd mear indentifisearje sille mei Syn wetten en foarskriften."

t in brief, dy't skreaun is t namme fan Shogi Effendi, sjoch: Bahá'í News, septimber 1951.

Hy is de Kening, de Alwittende, de Wize! Sjoch, de Geal fan it Paradys sjongt op de twigen fan de Beam fan Ivichheid mei hillige en leaflike meldij. Hy ferkundiget oan de oprjochten de blide tynge fan de neite fan God, ropt de leauwenden yn de godlike Ienheid op ta it h f fan de Oanw zigens fan de Grutmoedige, lit de nthechten it boadskip witte dat iepenbiere is troch God, de Kening, de Gloarje-rike, de

B  tenwenstige, en liedt de leafsten ta de sit fan hillichheid en ta dizze strieljende Skientme. Wierliken, dit is dy grutste Skientme, foarsein yn de Boeken fan de Boadskippers, troch Wa't wierheid  nderskieden wurde sil fan dwaling en de wiisheid fan elk gebod hifke wurde sil. Wierliken, Hy is de Beam fan it Libben dy't de fruchten jout fan God, de Ferhevene, de Machtige, de Grutte. O Ahmad! Tsj  gje dat Hy, wierliken, God is en der gjin God is b  ten Him, de Kening, de Beskermer, de B  tenwenstige, de Almachtige. En dat Dejinge Dy't Hy  tstjoerd hat  nder de namme 'Ali ( de Báb ) wierlik fan God kaam, nei Waans geboaden wy  s allegearre foegje. Sis: O folk, w  s hearrich oan de foarskriften fan God, dy't oplein binne yn de Bayán troch de Gloarjerike, de Wize. Wierliken, Hy is de Kening fan de Boadskippers en Syn Boek is it Memmeboek - witsto it mar. Sa lit  t dizze finzenis de Geal dy Syn rop hearre. Hy hat inkeld dit klear boadskip te bringen. Al wa't dit winsket lit dy him  fkeare fan dizze ried en al wa't dit winsket lit dy de wei kieze nei syn Hear. O minsken, as jimme dizze fersen fersaakje, troch hokker bewiis hawwe jimme yn God leaud? Lit it sjen, o jimme trouweleazen. Nee, by Him yn Waans h  n myn siel is, hja binne net en sille nea by steat w  ze, dit te dwaan, sels net al soene hja harren ferbine om elkoar te helpen. O Ahmad! Ferjit Myn woldieden net wylst Ik  fw  zich bin. Betink Myn dagen yn dyn dagen en Myn smert en ferbanning yn dizze efter  f finzenis. En w  s sa st  nf  stich yn Myn leafde, dat dyn hert net wifelje sil, sels as de swurden fan de fijannen slaggen op dy del reine litte en al de himelen en de ierde tsjin dy opstean. W  s as in fjoergloede foar Myn fijannen en in rivier fan ivich libben foar Myn leafsten en hear net ta dejingen dy't twifelje. En asto oerfallen wurdst troch besikingen op Myn paad of fernederingen foar Myn saak, sit d  r net oer yn. Fertrou op God, dyn God en de Hear fan dyn foarfaars. Want de minsken geane dwaalwegen, ber  ve fan it  nderskiedingsfermogen om God mei eigen eagen te sjen of mei eigen earen Syn meldij te hearren. Sa f  nen Wy harren, lykasto ek tsj  gest. Sa waard harren byleauwe in wale tusken harren en harren eigen herte en h  lde harren  f fan it paad fan God, de Ferhevene, de Grutte. W  s der yn dysels wis fan dat wierliken hy dy't him fan dizze Skientme  fkeart, him ek fan de Boadskippers yn it ferline  fkeard hat en fan ivichheid oant ivichheid fol heechmoed is foar God oer. Lear dizze Tafel goed, o Ahmad. Sis har yn dyn dagen en  ntwyn dy der net oan. Want wierliken, God ornearre foar dejinge dy't har seit de beleanning fan h  ndert en ien martlers en tsjinstberens yn beide wr  lden. Dizze geunsten hawwe Wy dy skonken as in woldied fan Us kant en in genede fan Us oanw  zigens. datsto hearst ta harren dy't tankber binne. By God! L  st immen dy't yn smert of kommer is, yn folsleine oprjochtens dizze Tafel, dan sil God syn fertriet ferdriuwe, syn swierrichheden oplosse en syn besikingen weinimme. Wierliken, Hy is de Genedige, de Meilydsume. Eare oan God, de Hear fan alle wr  lden.

Also in: af, ar, az, en, fa, fr, ht, hu, is, lg, lv, ml, mt, pt

## Short Obligatory Prayer

BH11209

It Koarte Ferplichte

Ik tsj  gje, o myn God, dat Jo my skepen hawwe om Jo te kennen en te oanbidden. Ik betsj  gje op dit pas myn machteleazens en Jo macht, myn earmoede en Jo rykdom. Der is gjin oare God as Jo, de Helper-yn-need, de Troch-Himsels-Besteande.

Also in: af, am, apm, ar, az, be, bg, bi, bs, ca, chn, co, cr, cy, da, dak, de, dgz, dih, diu, el, en, eo, es, fa, fi, fj, fo, fr, gil, ha, haw, ho, ht, hu, hur, hz, hz, iba, id, ik, is, it, ja, kiw, kl, km, kn, ksd, lb, lg, lkt, lkt, lkt, lt, lv, med, meu, meu, mg, mh, mi, ml, moh, mt, nal, naq, ne, nl, no, nv, ny, oj, pap, pl, pot, pt, ro, ru, se, shs, sk, sne, sq, srn, sv, sw, ta, te, th, thp, tl, tpi, tvl, ur

## Spiritual Assembly

AB00774SAB

Kom by elkoar yn suvere blydskip en sis dit gebed by it begjin fan de gearkomste.

O Jo, Hear fan it Keninkryk! Alhoewol't   s lichems hjir by elkoar binne, wurde   s betsjoende herten fuortfierd troch Jo leafde en reitsje wy yn ekstaze troch de strielen fan Jo skitterjend antlit. Hoe swak wy ek binne, wy ferwachtsje de iepenbieringen fan Jo kr  ft en macht. Hoe earm wy ek binne, s  nder goed en middels, dochs helje wy rykdommen   t de skatten fan Jo Keninkryk. Alhoewol't wy drippen binne, putte wy   t de djipten fan Jo oseaan. Alhoewol't wy stofkes binne, glinsterje wy yn de hearlikheid fan Jo prachtige Sinne. O Jo,   s Fersoarger! Stjoer Jo byst  n del, dat elk dy't hjir sammele is as in br  nende kears wurdt, elk in midpunt fan oanl  kingskr  ft, elk in   ntbieder ta Jo himelsk ryk, oant wy einl ings dizze wr  ld hjir   nder meitsje ta it evenbyld fan Jo Paradys.

Also in: ar, az, ca, da, de, el, en, es, fr, ht, is, ja, ko, lg, ml, mn, nl, pt, ru, sk, sq, sv, uk, zh-Hans

## Spiritual Growth

BH04421HEA

Skep yn my in suver hert, o myn God, en fernij yn my in r  stich gewisse, o myn Hoop! Bekr  ftigje my yn Jo Saak troch de geast fan macht, o myn Meast-Dierbere, en iepenbierje my Jo wei troch it ljocht fan Jo gloarje, o Jo, Doel fan myn langstme! Ferhef my ta de himel fan Jo hillichheid troch de kr  ft fan Jo alles oertreffende macht, o Boarne fan myn w  zen, en ferbliidzje my troch de amme fan Jo ivichheid, o Jo, Dy't myn God binne! Lit Jo ivichduorjende meldijen myn siel r  st jaan, o myn Selskipsman, en lit de rykdom fan Jo al  lde oansjen my ferlosse fan alles   tsein Jo, o myn Master! Lit it boadskip fan de iepenbiering fan Jo   nfergonklik W  zen my freugde bringe, o Jo, Dy't de kenberste fan it kenbere binne en de ferburgenste fan it ferburgene!

Also in: af, az, be, bg, bn, bs, ca, cnr, co, cs, da, de, diu, el, en, eo, eo, es, et, fi, fj, fo, fr, gil, gu, ha, ha, hi, hr, ht, hu, hy, hz, iba, iba, iba, is, it, ja, kj, kn, ko, ky, ky, lb, lg, lt, mg, mi, ml, ms, mt, ne, ne, nl, pl, pt, ro, ru, se, se, sm, sne, sne, sq, sr, st, sv, ta, ta, tet, tet, th, tl, tvl, tvl, tvl, vi, zh-Hans, zh-Hant

## Steadfastness

BH00053MAG

O myn God! Jou my kennis, leauwe en leafde. O Leafste! Sierje myn holle mei de kroan fan Jo foarsjennichheid, myn hert mei it ljocht fan Jo te kennen, myn tonge mei it uterjen fan Jo Grutste Namme en lit myn ear hingje nei Jo hilhich Wurd. Jo binne de Hillige Dy't ferhearlike waard, ferhearlike 'wurdt en altiten ferhearlike wurde sille, en Waans geboaden hieltyd opfolge wurde sille. OGod, help my rjochtfeardich te w zen, ferhef my boppe de oseaan fan byleauwe en idele waan en jou my in skerp each, dat ik yn alle riken Jo ienheid en Jo wierheid beseffe mei.

Also in: az, be, ca, de, el, en, fr, ht, iba, it, kiw, ne, nl, pl, pt, sl, sv

AB00001FIR

O Hear, myn God! Help Jo leafsten sterk te stean yn Jo Leauwe, Jo wegen te bewanneljen en st nf stich te w zen yn Jo Saak. Jou harren Jo genede, om de oanfallen fan selssucht en begearte te wjerstean en it ljocht fan godlike Lieding te folgjen. Jo binne de Kr ftige, de Genedige, de Troch-Himsels-Besteande, de Skinker, de Meilydsume, de Almachtige, de Alfoldiedige.

Also in: af, az, be, bg, bs, ca, ch, cy, da, diu, el, en, eo, es, fa, fi, fr, gil, ho, hr, ht, hu, hz, iba, id, is, it, kl, km, kn, lb, lg, lv, ml, mn, nl, pl, pt, ro, ru, sk, sm, sq, sv, sw, te, tl, vi

## Teaching

BH02046

Sis:Eare oan Jo Dy't alle Hilligen harren helpleazens bekenne liet foar de mannichf ldige iepenbieringen fan Jo macht oer en dy't elke Profeet syn neat-w zen erkenne liet by de gl ns fan Jo duorjende hearlikheid. 1k smeekje Jo, by Jo Namme dy't de poarten fan de Himel iepen die en de Skare yn de hege mei tskroevenens ferfolle om my yn steat te stellen Jo te tsjinjen yn dizze Dei en my te sterkjen om itjinge Jo foarskreaunen yn Jo Boek nei te kommen. Jo witte, o myn Hear, wat yn my is, mar ik wit net wat yn Jo is. Jo binne de Alwittende, de alles Kennende.

Also in: de, en, is, mg

## Tests and Difficulties

BB00623

Is der ien dy't swierrichheden ferdriuwt b ten God? Sis: Eare oan God! Hy is God! Allegearre binne Syn tsjinners en h lde Syn gebod.

Also in: ar, az, be, bg, bla, bla, bn, bn, bs, ca, ch, chn, cnr, co, cs, cy, da, de, dgz, dih, diu, el, en, es, eu, fi, fj, fo, fr, ga, gil, gu, ha, haw, hi, ho, hr, hu, hy, hz, iba, iba, id, ik, is, it, ja, kgf, kiw, kl, km, kn, kn, ko, ksd, ky, lb, lkt, lkt, lo, lv, meu, mg, mh, mi, ml, mn, moh, moh, moh, mr, ms, nal, ne, ne, no, nv, nv, ny, one, pap, pl, pt, ro, ru, se, se, sk, sl, sm, sne, sq, srn, st, sv, sw, ta, ta, ta, th, tk, tl, tpi, tvl, uk, wam, zh-Hans

## Triumph of the Cause

BH08838

Tsjusterens leit oer elts l  n, o myn God, dat makket de measten fan Jo tsjinners kjel. 1k smeekje Jo, by Jo Grutste Namme, lit der yn eltse st  d nije minsken opstean, dy't ta Jo komme en Jo, yn de r  nte fan Jo Tsjinners, eare bringe sille, dy't nei harren fermogens fan wurd en wysheid, it findel fan Jo oerwinning iepenteare en harren losmeitsje sille fan hiel it skepene. Machtich binne Jo te dwaan nei Jins gefallichheid. Der is gjin oare God as Jo, de Almachtige, Hy, waans help ynroppen wurdt fan alIe minsken.

Also in: de, en, hi, hr, ko, lv, sv, th, zh-Hant

## Trust in God

BHU0004SUF

Sis: God foldocht alle dingen boppe alle dingen en neat yn de himelen of op ierde   tsein God is gen  ch. Wierliken, Hy is yn Himsels de Wittende, de Helper, de Almachtige.

Also in: af, am, ar, az, be, bi, ceb, cs, de, en, et, eu, fa, fj, ht, hu, hz, kl, lt, lv, meu, ml, nl, ro, ru, sl, sq, sr, te, tl

## Unity

BH10505

O myn God! O myn God! Ferienigje de herten fan Jo tsjinners en iepenbierje oan harren Jo ferheven plan. Meie hja Jo geboaden neikomme en har h  lde oan Jo wet. Help harren, o God, yn har stribjen en jou harren kr  ft om Jo te tsjinjen. O God, lit harren net oan harsels oer, mar lied har tr  den mei it ljocht fan Jo kennis en ferbliidzje har hert mei Jo leafde. Wierliken, Jo binne harren Helper en harren Hear.

Also in: af, bn, bs, ch, chn, chr, co, cs, cy, da, dak, dgz, dih, diu, diu, el, en, eo, et, fj, fo, fr, gu, hi, hi, hr, ht, hur, hur, hy, hz, hz, id, ik, is, it, ja, kl, kn, ko, ko, ksd, lb, lg, lkt, lv, med, med, meu, mh, mi, mic, mic, ml, mn, mn, ms, mt, nal, naq, ne, nl, no, nv, nv, ny, pap, pl, pt, ro, shh, sk, sl, sm, sne, sq, sr, srn, srn, srn, sv, sw, ta, te, th, tk, tl, tpi, tvl, tvl, tvl, tvl, uk, ur, ur, ur, vi, zh-Hans, zh-Hant

AB00001FIR

O Hear, myn God! Help Jo leafsten sterk te stean yn Jo Leauwe, Jo wegen te bewanneljen en st  nf  stich te w  zen yn Jo Saak. Jou harren Jo genede, om de oanfallen fan selssucht en begearte te wjerstean en it ljocht fan godlike Lieding te folgjen. Jo binne de Kr  ftige, de Genedige, de Troch-Himsels-Besteande, de Skinker, de Meilydsume, de Almachtige, de Alfoldiedige.

Also in: af, az, be, bg, bs, ca, ch, cy, da, diu, el, en, eo, es, fa, fi, fr, gil, ho, hr, ht, hu, hz, iba, id, is, it, kl, km, kn, lb, lg, lv, ml, mn, nl, pl, pt, ro, ru, sk, sm, sq, sv, sw, te, tl, vi

AB00774SAB

Kom by elkoar yn suvere blydskip en sis dit gebed by it begjin fan de gearkomste.

